

COL -

COL - - Fryske Bibeloersetting [52COL]

Fryske Bibeloersetting, Kolossers; CW en LW versie septembar 2022

220911 Import in Paratext van FBO_52COL-c1-4_F3_def door JvD

Deze tekstversie is bestemd voor intern gebruik binnen het project FBO

De brief oan de Kolossers

1

¹ Fan Paulus, troch Gods wil apostel fan Kristus Jezus, en fan ús broer Timoteüs. ² Oan de hilligen yn Kolosse, leauwige bruorren en susters dy't ien binne yn Kristus. Genede en frede fan God, ús Heit, winskje ik jimme ta.

[Evangeelje en fersoening]

³ Hieltid as wy foar jimme bidde, tankje wy God, de Heit fan ús Hear Jezus Kristus. ⁴ Want wy hawwe heard dat jim yn Kristus Jezus leauwe en alle hilligen leafhawwe, ⁵ om't jimme hoopje op wat yn 'e himel foar jim weilein is. Dêr hawwe jimme fan heard doe't it evangeelje, it wurd fan de wierheid, ⁶ jim berikte. Rûnom op 'e wrâld draacht it frucht en wreidet it him út, by jimme ek, fan de dei ôf dat jim fan Gods **genede** heard hawwe en dêr de wiere betsjutting fan ferstien hawwe. ⁷ Epafras, dy't ús nei oan it hert leit en him as in trouwe tsjinstfeint fan Kristus foar jim ynset, hat jim dêryn ûnderlein. ⁸ Hy hat ús ek ferteld fan de leafde dêr't de Geast jim ta oantrune hat.

⁹ Dêrom bidde wy ek sûnder ophâlden foar jimme, fan de dei ôf dat wy dat heard hawwe. Wy freegje oft it jim jûn wurde mei om de wil fan God folslein te kennen troch de wiisheid en it ynsjoch dy't syn Geast jim jout. ¹⁰ Dan sille jimme libje sa't it de Hear takomt, folslein sa't it him oanstiet. Jimme sille frucht drage troch al it goede dat jim dogge. Jim kennis fan God sil groeie ¹¹ en jimme sille troch syn keninklike macht alle krêft ûntfange om alles út te hâlden en alles te fernearen.

¹² Tankje de Heit dan mei blidens. Hy stelt jim yn steat om jim oanpart te krijen fan 'e erfenis dy't foar de hilligen ree leit yn it ljocht. ¹³ Hy hat ús rêden út 'e macht fan it tsjuster en ús oerbrocht nei it ryk fan syn leave Soan. ¹⁴ Troch him hawwe wy de ferlossing ûntfongen, de ferjouwing fan ús **sûnden**.

¹⁵ Byld fan God, de ûnsjenbere, is hy,
earstberne fan 'e hiele skepping.

¹⁶ Want yn him is alles skepen,
alles yn 'e himel en alles op ierde,
it sichtbere en it ûnsichtbere,
foarsten of hearskers, machten of krêften,
alle skepsel is der troch him en foar him.

¹⁷ Hysels bestiet fóár alles
en alles bestiet yn him.

¹⁸ Hysels is it haad fan it lichem, de tsjerke.
Oarsprong is hy,
earstberne út it ryk fan 'e deaden,
om yn alles de earste te wurden:

¹⁹ Dy't alles omfiemet, hat derfoar keazen om yn him te wenjen

²⁰ en troch him en foar him alles mei himsels te fersoenen,
oft it no op ierde is of yn 'e himel.

Hy hat frede ta stân brocht troch syn bloed, oan it krús.

²¹ Earst wiene jimme fan him ferfrjemde en stiene jimme, mei al it kweade dat jim diene, fijannich foar him oer, ²² mar no hat er jim troch de dea fan syn ierdsk lichem mei himsels fersoene om jim hillich, suver en sûnder lek of brek by him te bringen. ²³ Dan moatte jimme wol sûnder ophâlden leauwe, fêst en ûnwrikber ferankere yn 'e hoop fan it evangeelje dat jim heard hawwe en dat oan alle skepsels ûnder de himel ferkundige is. Dêr bin ik, Paulus, de tsjinstfeint fan wurden.

[De striid yn tsjinst fan Kristus]

²⁴ No bin ik bliid dat ik foar jimme lij en dat ik yn myn lichem oanfolje mei wat der noch ûntbrekt oan it lijn

fan Kristus foar syn lichem, dat wol sizze, de tsjerke. ²⁵ Dy tsjerke bin ik in tsjinstfeint fan wurden. Mei it each op jimme hat God my ta dizze tsjinst roppen, om syn wurd by jim ta syn doel te bringen. ²⁶ it geheim dat sûnt iuwen en generaasjes ferburgen west hat, mar dat no foar syn hilligen oan it ljocht brocht is. ²⁷ God woe har witte litte hoe gloarjefol oft dit mystearje foar alle folken is: Kristus is yn jimme, hy is jim hoop op 'e hearlikheid. ²⁸ Dy ferkundigje wy as wy elkenien fermoanje en elkenien yn alle wiisheid ûnderwize om elkenien yn Kristus folslein te meitsjen. ²⁹ Dêr bin ik foar yn 't spier en striid ik foar mei syn krêft, dy't krêftich yn my wurket.

2

¹ Ik wol jimme witte litte hoe swier oft de striid is dy't ik foar jimme en de minsken yn Laodiseä fier en foar al dy oaren dy't my noch nea yn eigen persoan sjoen hawwe. ² Sa wol ik harren bemoedigje en yn leafde byinoar bringe, dat se alle rykdom fan it folsleine ynsjoch krije en Gods mystearje kenne, dat wol sizze: Kristus. ³ Yn him lizze alle skatten fan wiisheid en kennis ferburgen.

⁴ Dit sis ik, dat gjinien jimme mar mei moaie praatsjes op 'e doele bringe sil. ⁵ Want al bin ik der persoanlik net, yn 'e geast bin ik wol by jimme. It docht my dêrom deugd as ik sjoch hoe hecht oft jimme mienskip is en hoe stânfêst jim leauwe yn Kristus.

[Mei Kristus stoarn en opwekke út de dea]

⁶ Jimme moatte yn mienskip mei Kristus Jezus libje, no't jimme him as jim Hear oannommen hawwe. ⁷ Jim moatte yn him bewoartele bliuwe, op him bouwe, fêsthâlde oan it leauwe dat jimme leard is en troch alles hinne tankber wêze. ⁸ Jim moatte derom tinke dat gjinien jim yn 'e macht kriget mei lege en misliedende tinkbylden dy't op minsklike gewoanten rêste en har rjochtsje op de machten fan dizze wrâld en net op Kristus. ⁹ Want yn him is Gods folheid yn fleis en bloed oanwêzich, ¹⁰ en om't jimme mei him, it haad fan alle machten en krêften, ien binne, wennet dy folheid ek yn jimme. ¹¹ Yn him binne jimme ek besnien, net troch minskehannen, mar besnien troch Kristus, want jim hawwe it ierdske bestean loslitten. ¹² Doe't jimme doopt waarden, binne jim mei him begroeven en ek mei him weromroppen, om't jimme leauwe yn de krêft fan God dy't him út 'e dea weromroppen hat. ¹³ Jimme wiene dea troch jim ferkearde dieden en troch jim ûnbesniene steat, mar God hat jimme mei Kristus libben makke, doe't hy ús al wat ferkeard wie ferjûn hat. ¹⁴ Hy hat it offisjele dokumint dêr't wy yn oanklage waarden neatich ferklearre en it út ús fermidden weidien troch it oan it krús te spikerjen. ¹⁵ Hy hat de machten en krêften útklaaid, hy hat har iepenlik te skande set en sa hat er yn syn eigen lichem oer har triomfearre.

¹⁶ Lit gjinien jim oardielje om wat jim ite en drinke of op it stik fan feestdagen, nije moanne of sabbat. ¹⁷ Dat is allegearre mar in skaad fan wat komme sil – de werklikheid is Kristus. ¹⁸ Lit jimme net feroardielje troch minsken dy't grut geane op har nederigens en it ferearjen fan ingels, dy't oankomme mei fisjoenen of har foarstean litte op har eigen optinksels. ¹⁹ Sok folk is de ferbining kwyt mei it haad. Dêrwei wurdt it hiele lichem mei bannen en sinen byinoar holden en kriget it fêstichheid; dêrút groeit it sa't God it groeie lit. ²⁰ No't jimme mei Kristus dea binne foar de machten fan 'e wrâld, wêrom litte jimme jim dan, krekt as libben jimme noch yn dy wrâld, nije geboaden oplizze – ²¹ 'net oanreitsje, net priuwe, ôfbliuwe', ²² allegear dingen dy't opiten wurde en dan fuort binne – op grûn fan minsklike foarskriften en learstellingen? ²³ It hat de skyn fan wiisheid, mar it is eigenmakke godstsjinst, selsfernedering en leechachtsjen fan it lichem; it hat út noch yn gjin wearde en tsjinnet allinne mar ta minsklike befrediging.

3

¹ No't jimme mei Kristus út 'e dea ta it libben roppen binne, moatte jim sykje wat boppe is. Dêr sit Kristus oan 'e rjochterhân fan God. ² Jim moatte it sin sette op wat boppe is, net op wat op ierde is. ³ Jimme binne ommers stoarn, en jim libben is mei Kristus ferburgen yn God. ⁴ As Kristus, dy't jim libben is, dan ferskynt, sille ek jimme yn hearlikheid mei him ferskine.

[It nije libben]

⁵ Lit dan al it ierdske yn jim ôfstjerre: losbannigens, goarens, hertstocht, kweade begearte, en ek habsucht, dy't in foarm fan ôfgoaderij is. ⁶ Om sokke dingen komt Gods grime oer har dy't net nei him **harkje**. ⁷ Eartiids hawwe jim dy wei ek folge en sa libbe, ⁸ mar brek no dan ek mei al dy dingen: lilck, driftich, lefhertich, spotsuchtich en leech-by-de-grûnsk praat. ⁹ Jim moatte inoarren net misliede, no't jimme it âlde libben mei al syn hâlden en dragen loslitten hawwe ¹⁰ en it nije libben oannommen hawwe. Sa wurdt de minske fernijd neffens it byld fan syn skepper en komt er ta ynsjoch. ¹¹ Dan wurdt der net mear praat fan

Grieken of Joaden, besnienen of ûnbesnienen, barbaren, Skyten, slaven of frije minsken, mar dan is Kristus alles yn allegearre.

¹² Koartsein, doch inerlik meilibjen, goedens, nederigens, freonlikens en geduld oan as jim klean, om't God jim útkeazen hat. Jim binne syn hilligen en hy hat jim leaf. ¹³ Dan ferdrage jim inoar en ferjouwe inoar as ien wat op in oar tsjin hat; lykas de Hear jimme ferjûn hat, sa moatte jim inoar ek ferjaan. ¹⁴ En wat it foarnaamste is: klaai jim mei de leafde, dat is de bân dy't jimme folslein ien makket. ¹⁵ De frede fan Kristus moat yn jim herten hearskje, want dêrta binne jimme roppen as leden fan ien lichem. En wês tankber.

¹⁶ It wurd fan Kristus moat mei syn rykdom yn jimme wenje, dat jim inoar ûnderwize en fermoanje en God mei in tankber hert de lof tasjonge mei psalmen, lofsangen en lieten dy't de geast jim yn genede ynjout.

¹⁷ En wat jim ek dogge, yn wurd of died, doch dat allegearre yn de namme fan de Hear Jezus. Sa tankje jimme God de Heit troch him.

¹⁸ Froulju, jim moatte jim ûnder it gesach fan jimme manlju skikke, lykas dat foech jout yn 'e mienskip fan de Hear. ¹⁹ Manlju, jim moatte jim froulju leafhawwe en har net ferbitterje. ²⁰ Bern, jimme moatte alles dwaan wat jim âlden sizze, want sa wol de Hear it graach hawwe. ²¹ Heiten, jim moatte jim bern net narje, dat makket har ommers mismoedich. ²² Slaven, jim moatte alles dwaan wat jim ierdske masters sizze, net om op te fallen en by minsken yn 'e geunst te kommen, mar oprjocht en mei ûntsach foar de Hear. ²³ Wat jim ek dogge, doch it fan herten as wie it foar de Hear en net foar de minsken. ²⁴ Jimme witte dat jim fan de Hear in erfenis krije sille as beleaning, want de master dy't jim tsjinje is Kristus. ²⁵ Mar wa't ûnrjocht docht sil it ferkearde dat er dien hat útbetelle krije, en dêr wurdt gjin ûnderskied by makke.

4

¹ Masters, jim moatte jim slaven jaan wat rjochtfearnich en earlik is, want jimme witte dat jimme ek in master hawwe, yn 'e himel.

² Jim moatte folhâlde yn jim bidden en wach bliuwe en tankber. ³ Bid dan ek foar ús, dat God foar ús in doar iepen dwaan mei, dat wy it mystearje fan Kristus fertelle kinne. Want dêrom sit ik no yn 'e finzenis.

⁴ Bid dat ik it útlizze mei sa as it heart. ⁵ Jim moatte wiis wêze yn jim hâlden en dragen tsjin bûtensteanders oer by elke gelegenheid. ⁶ En as jimme witte wolle hoe't jim elkenien te reden stean moatte: minlik, mar wolberet.

Groetnis

⁷ Tychikus, ús leave broer, ús trouwe helper en lykas my in tsjinstfeint fan de Hear, sil jim alles oer my fertelle. ⁸ Krekt dêrom stjoer ik him nei jimme ta, dat er jim fertelle sil hoe't it der mei ús foarstiet en om jim moed yn te sprekken. ⁹ Hy komt mei Onesimus, ús trouwe en leave broer, dy't ien fan jim is. Sy beide sille jim fernije hoe't it hjir om en ta gien is.

¹⁰ De groetnis fan Aristarchus, dy't mei my fêst sit, fan Markus, de neef fan Barnabas (oer him hawwe jim al ynstruksjes krige; ferwolkomje him gastfrij as er oankomt) ¹¹ en de groetnis fan Jezus Justus; sy binne hjir de iennichste Joadske meiwurkers foar Gods keninkryk en sy hawwe my ta grutte treast west.

¹² Epafra, ien fan jimme, in tsjinstfeint fan Kristus Jezus, lit jim ek groetsje. Hy striidt foar jim yn al syn gebeden, en bidt dat jim steande bliuwe meie en dat jimme jim, mei folle oertsjûging, hâlde sille oan alles wat God wol. ¹³ Ik mei wol sizze dat er tige foar jimme yn 't spier is en ek foar de minsken yn Laodiseä en Hiërapolis. ¹⁴ Ek de groetnis fan dokter Lukas, dy't ús sa nei is, en fan Demas. ¹⁵ Doch foaral de groetnis oan de bruorren en susters yn Laodiseä en oan Nymfa en de gemeente dy't by har oan hûs gearkomt.

¹⁶ As dizze brief by jimme foarlêzen is, soargje der dan foar dat er ek yn de gemeente fan Laodiseä foarlêzen wurdt, en dat jimme de brief oan Laodiseä ek lêze. ¹⁷ Sis tsjin Archippus: 'Tink derom datsto de taak dy'tsto fan Kristus ûntfongen hast, goed útoefenest.'

¹⁸ In groet fan my, Paulus, mei eigen hân skreaun. Ferjit myn boeien net. Gods geunst is mei jimme!